



‘Fries leren is voor nu vooral leuk, maar kan in de toekomst ook voor mijn carrière nuttig zijn’

— Fenna

Foto: Hoge Noorden

## Fries leren? | Frysk leare?

De Friese taal leren verstaan, lezen, spreken of schrijven: de Afûk helpt je daar graag bij. Ben jij in Friesland komen wonen en wil je de taal kunnen **verstaan**? Dan is de cursus Fries verstaan echt iets voor jou. Je kunt deze cursus als groepscursus volgen, zowel op locatie als online. Ook is er de mogelijkheid om de cursus als zelfstudie te volgen. Na afloop van deze cursus kun je een gesprek in het Fries volgen.

Heb jij als doel het Fries te leren **spreken**? Dan kun je meedoen aan de cursus Fries spreken. Van de

deelnemers wordt verwacht dat zij al een flinke woordenschat hebben opgebouwd. Voor het leren spreken bieden wij alleen (online) groepscursussen aan.

Frysk **skriuwen** is net sa dreech as faak tocht wurdt. Do witst grif mear ast tinkst. Dizze kursus is geskikt foar wa't it Frysk ferstean en prate kin en no ek it Frysk skriuwen yn 'e macht krije wol. Klassikaal yn groepserbân te folgjen of te dwaan as selsstúdzje.

Ga voor meer informatie en om je aan te melden naar [kursus.afuk.frl](http://kursus.afuk.frl).



### Foarlêzers socht!

Liket it dy moai om mei de *Lês-mar-foar-wiken* (9 o/m 27 septimber) foar te lêzen op in berne- of pjutte-opfanglokaasje of skoalle? Meld dy dan oan foar de foarlêspool! Folje dyn kontaktgegevens yn fia it oanmeldformulier op [www.lesmarfoar.frl](http://www.lesmarfoar.frl). Kinst sels oanjaan wannear, hoe faak en wêr'tst foarlêze wolle soest. De list mei foarlêzers komt op dyselde site te stean en opfanglokaasjes of skoallen kinne dy dan freegje om by harren foar te lêzen. Dochsto ek mei?



### Stjoer dyn Frysk op 'e dyk-foto's yn!

It kin gean om buordsjes yn de tún, nammen op gevels, wurden op in muorre, teksten op buskes, alles mei, at it mar yn it Frysk is. Komst wat tsjin? Meitsje in foto en stjoer him nei ús ta. Dat kin troch te mailen nei [ynfo@praatmarfrysk.nl](mailto:ynfo@praatmarfrysk.nl). Graach derby sette wêr't de foto nommen is en, ast dat wolst, dyn eigen namme. Ynspiraasje nedich? Tsjek [www.sichtberens.frl](http://www.sichtberens.frl)!



## Keimpe de Krokodil is 5 jier!

Fiif jier lyn is de Afûk dermei úteinsetten om foar skoallen de Lêsline te ûntwikkeljen foar bern fan 4-8 jier. De haadpersoan waard Keimpe de Krokodil, mei syn freonen. Yn de Lêsline lit Keimpe de Krokodil elkenien sjen dat Frysk lêzen leuk is en hielendal net yngewikkeld. Learlingen binne gek op Keimpe en dat smakket nei mear. It lustrum fan Keimpe fiere we troch ekstra omtinken te jaan oan it lêzen yn it Frysk! Sa wurdt der op it stuit wurke oan in échte lêrap!

*'We lêze derop los,  
de letters bin' de klos!  
Thús of yn de klas',  
ja we lêze derop los!'*

Keimpe hat net stilsitten! Hy makke ynteraktive Keimpe-sykplaten, der binne boekjes en placemats, Keimpe en Tomke makken tegearre in oergongsboekje foar pjutten dy't nei 'de grutte skoalle' geane en Keimpe krige syn eigen boek! *Wêr is Keimpe?* is in fleurich sykboek mei 20 trijetalige sykplaten.

Dit jier fiere wy Keimpe syn 5<sup>o</sup> jierdei! It – ekstra feestlike – Keimpe-boekje leit yn de *Lês-mar-foar-wiken* yn septimber wer fergees foar elk yn de biblioteken. Masters en juffen diele de feestboekjes út en kinst aanst ek memory spylje mei de iennige echte Keimpe-memory!  
[www.keimpe.frl](http://www.keimpe.frl)

## Oant sjen yn ús winkel

**ADRES**  
Boterhoek 3  
Ljouwert  
(058) 234 30 70

**IEPENINGSTIDEN**  
Tisdei o/m freed  
10.00 - 17.00 oere

[ynfo@afuk.frl](mailto:ynfo@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)

[/stichtingafuk](https://www.instagram.com/stichtingafuk)  
[/StichtingAfuk](https://www.facebook.com/StichtingAfuk)



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op [websjop.afuk.frl](http://websjop.afuk.frl) of scan de QR-koade.

## Boeketip 5



**1** Heity! Help!!  
Thys Wadman  
€ 14,95

As Hidde op bêd leit, heart er frjemde lúden. Soe dat in bist wêze, of in meunster? Hidde wurdt bang en ropt om syn heit. Heit sil him grif fange kinne, of fuortjeie.



**2** De simmerske Fanfare fan 1958  
Ronald van de Vate  
€ 20,-

De simmerske fanfare fan 1958 nimt dy mei werom nei de filmklassiker *Fanfare* fan Bert Haanstra, de op ien nei meast besochte Nederlânske spylfilm fan alle tiden.



**3** Simmerboek  
Ferskate skriuwers  
€ 9,99

Foar yn de simmerfakânsje, thús of ûnderweis! In boek fol mei ferhaaltsjes, gedichtsjes, ferskes, spultsjes en knutselwurkjes, spesjaal foar bern fan 2 o/m 6 jier.



**4** Van Tjepkema tot Welgelegen  
Martine van der Linden  
€ 22,50

It 175-jierrige bestean fan Stichting Molen Welgelegen is de oanlieding fan dizze útjefte. It boek ferhellet oer de rûzige skiednis fan de mûne, fan 1849 ôf oant no ta.



**5** Van de Vrijheid en de Fries  
Robert Adjiet  
€ 22,90

In boek foar elkenien dy't mei de Friezen meintinke wol oer de fraach wat frijheid op 'en djipsten betsjut.